



Kees en it nachtkeatsen yn Aldeleie

Ik leau, der is yn 2004 boppe Ljouwert net in keatspartij organisearre of dy waard ôfsluten mei muzyk en sang fan Kees, Kees Greuling, ek wol neamd: Kees het Feestbeest. En as der al in partij west hat dêr't er net wie, dan moatte dy organisatoaren har nochris goed achter de earen klauwe en him daalk foar dit jier fêstlizze.

Op sneon 17 july soe der nachtkeatst wurde yn Aldeleie. Doe't wy om fiif foar sân en fan hús gienen, stie de loft yn it suden al as in

brijwein, wat, as in frouljusbroek, as in tsiistsjettel, as woe er katten spuie, of bargaen. Kertier oer sân en, de earste partijen wienen krekt los, de barbecues waarden opstookt, begûn it te spatten. Mei de minút waard it tsjusterder. En ljocht tagelyk, fan wjerljocht, dy't al gau oeral om ús hinne wie. De bangsten seagen elkoar soarchlik oan, goaiden in baltsje op: "Dit is net fertroud, wol? Moatte wy net fan 't fjild ôf? Hoelang bliuwe wy hjir noch stean?" Tweintich minuten oer sân en barste de bui los en draafde elk nei de

partytinte. De barbecues systemen. De taap krige it drok.

In oere oanien spjelde it, reinde it hûnehokken, gie de see oer it lân. It fjild kaam blank te stean. It begûn kâld te wurden en damp ûnder it klapperjende doek fan 'e partytinte. De organisaasje stuts de koppen byinoar. Nei in skoftke klom de wurdfierster op in stoel en rôp: "It keatsen wurdt ôflast, de barbecuepakketten wurde moarn thúsbesoarge, de prizen wurde daalk ferdobbele yn 'e kroech." Der gie in gejuich op. It hie yn in healoare beslikke wêze kinnen, mar de organisaasje hie folslein gelyk, doe't dy, troch de op 'e tafel steande wurdfierster, nei de earste dobbelomloop witte liet dat it fansels wol om nachtkeatsen gie en dat it hoe dan ek nacht wurde moast foardat wy nei hús gienen, dat dêrom earst muzyk fan, jawis, Kees, Kees het Feestbeest.

It wie nacht doe't der om priis en preemje dobbele waard. It wie doe ek al wer in heel skoft droech, de polonêze wie al in pear kear oer de dyk gien. De prizen waarden útrikt, de keninginne gie op 'e skouders, it folksliet waard songen.

Ha wy de fyts fannacht noch yn't hok setten, fregen wy ús de oare moarns ôf. We wisten it net mear.

Janneke Spoelstra



De "keninginne", Yvonne Fokkema, op 'e skouders bij Henk Torensma



trekken en dan schalt haar roep over de eruit!" Toch was het voor een 15 jarige maar weer te trainen terwijl haar vriendinnen n te genieten.

ou één keer per week met haar et haar afdelingspartuur en nog een keer met ze doet, doet ze grondig en ze heeft ook altijd voor het Hoofdklassekaatsen. Als andere Wiesje daar wat van te zeggen. erde techniek en het vele trainen heeft ze geen

ereniging "It Wetterlân" in haar woonplaats nd. Het liefst zou ze ook hun wedstrijden dan weer verwerken in de volgende training, eekentijd vergen en daarom ziet ze voorlopig

ind van haar KNKB-kaatscarrière ar kaatsloopbaan maar een verlegen en ijd voor de prijs en ze moest na een eens een traantje wegpinken. Het verlangen gauw om tot het bekeken slaan van kaatsen. haar kaatscapaciteiten veel respect af en door al sterker. Ze heeft in elke kaatsplaats wel een

iesje benut om zich te bekwamen in het eft zichzelf als kaatsster beschreven.

